

Lieten Freark Dam

It Grouster Mingd Koar soarget snein yn 'e Sint Piter tsjerke fan Grou foar in première. It koar sjongt gedichten fan Freark Dam, dy't troch Frank van Nimwegen op muzyk set binne. Bysûnder is dat Hester Dam, de dochter fan Freark, de solopartij sjongt. It giet om trije gedichten dy't te meitsjen hawwe mei frede en 'in bettere wrâld'. Under lieding fan dirigent Hans Algra wurdt ek noch oare muzyk brocht. Der binne sneintemiddei twa konserten: om 14.30 en om 16.30 oere.

Grou, Sint Piter, Lieten Freark Dam, snein 14.30 en 16.30 oere.